

Nyk de Vries

Keamer

Der wie in keamer yn dy stêd dêr't ik hieltyd omhinne sirkele. It wie yn 'e buert fan myn faam. Se wist net dat ik soms dy treppen opgong. Oan 'e muorre hongen foto's fan foar de oarloch. Ik prate der ris oer mei in âlde Fryske skriuwer. Hy sei: 'Ik ken dy keamer. Ik soe der eins yngean moatte, mar it sil der net mear fan komme, bin ik bang.' Hy krige gelyk. Hy ferstoar mei de Olympyske spullen. De keamer is der noch hieltyd. De treppen op, linksôf de gong troch. De doar stiet iepen. Iderien wit wol ûngefear foar himsels wat deryn stiet.